

Achte Donner,

Ik achtsje it fan grut belang dat der no in "Wet gebrûk Fryske taal" komt en dat dêrmei ek de ymplementaasje fan de ferplichtings yn it Europeesk Hânfêst foar regionale en minderheidstalen yn in wetlik kader set wurde. Poerbêst ek dat de Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer (BFTK) en de "Raad voor de Friese taal" in wetlike ferankering krije.

Ik soe de oanbelangjende wet lykwols graach op in tal punten oanskerpe sjen.

1.

It foarstel fan de wet sa't it der no leit moat de status krije fan in kaderwet, dêr't ek yn in letter stadium oare wetjouwing by oanheakke wurde kin. Dêrby soe de wet periodyk (bygelyks elke 4 jier) op 'e nij besjoen wurde moatte.

Dêrneist moat foarkommen wurde dat besteande wetjouwing ferfalt, foar't dizze nije "Wet gebrûk Fryske taal" rjochtsjildich is (artikel 37).

2.

Yn artikel 2 wurdt it wurd "periodiek" neamd.

· Yn de wet soe in útfieringskonvenant opnommen wurde moatte, bygelyks ôfspraken foar in perioade fan 4 jier.

3.

Yn de nije taalwet moat fêstlein wurde dat de Provinsje Fryslân in wetlike taak hat as it giet om it fieren fan belied op it mêd fan de Fryske taal en kultuer. En ek dat der sprake is fan in mienskiplike ferantwurding fan it Ryk en de Provinsje, om't it Ryk de ûndertekener is fan sawol it Europeesk Hânfêst foar regionale en minderheidstalen as fan it Kaderferdrach foar de beskerming fan nasjonale minderheden.

4.

Yn artikel 21, §2 wurdt sein dat de leden fan de "Raad voor de Friese taal" op foardracht fan it ministearje beneamd wurde.

· De leden moatte op foardracht fan Deputearre Steaten fan de Provinsje Fryslân beneamd wurde.

5.

Yn artikel 5, §2 stiet "kunnen deze bestuursorganen". Dit soe "moeten deze bestuursorganen" wêze moatte.

6.

Omrop Fryslân soe yn de wet opnommen wurde moatte. Reden dat dizze apart neamd wurde moat is dat Omrop Fryslân in spesjale status fertsjinnet, oars as oare regionale omroppen, fanwegen de ekstra funksje foar de Fryske taal. Omrop Fryslân berikt in breed en grut publyk en spilet sadwaande in wichtige rol yn de oerdracht en ûntwikkeling fan de Fryske taal. Dizze spesjale status soe dan ek gearhingje moatte mei in eigen budzjet foar Omrop Fryslân.

7.

Der moatte bettere en dúdliker ôfspraken oer de finânsjes makke wurde.

8.

De formulering fan it konseptfoarstel is swakker as de “Algemene wet bestuursrecht” (AWB) as it giet om it mûnling brûken fan it Frysk yn gearkomsten fan publike organen. De “Wet gebrûk Fryske taal” moat ditoangeande net efterútbuorkje.

9.

Omtinken foar de sichtberens fan it Frysk by de oerheden yn Fryslân is wichtich, want sa meitsje je it publyk dúdlik dat der wat feroare is en dat Frysk en Nederlânsk lykwaardich binne en beide brûkt wurde kinne. Soks strykt ek mei de bedoeling fan Minister Donner. Hy seit Friezen oanmoedigje te wollen “meer Fries te gebruiken bij de overheid”. Dus, net Rechtbank op de gevel, mar Rjochtbank/Rechtbank en net Politie Fryslân, mar Plysje/Politie Fryslân.

10.

Net yn de konsepttaalwet, mar wol yn de motivaasje stiet in foarstel om Frysktalige kieslisten foar ferkiezings mooglik te meitsjen. In goeie saak, mar yn de praktyk krije mar in bytsje minsken sa'n formulier ûnder eagen. Om de lykwaardigens fan Frysk en Nederlânsk te ûnderstreekjen soe it in goeie saak wêze om fan it momint ôf dat de taalwet yngiet ek foar de Stempas/Stimpas in twatalich model te meitsjen dat tenei yn Fryslân foar alle ferkiezings brûkt wurdt.

11.

Neist de domeinen Bestjoerlik ferkear en Rjochtsferkear, moatte ek de domeinen ûnderwiis, Media en Keunst yn de Wet opnommen wurde. It binne fjilden dy't fan wêzentlik belang binne foar de posysje en de sichtberens fan it Frysk.

12.

In punt fan soarch: it hanthavenjen fan de wet en de kontrôle dêrop.

Nynke Beetstra, oersetter Frysk  
Grou